

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

| | |
|-------------------------------------|--|
| Rjochte oan DS / lid DS | It Kolleezje |
| Ynljedende taljochting (fakultatyf) | <p>Juster en hjoed stiene ferskate berjochten yn de media oer de wenningstifting Wonen Noordwest Friesland. Wonen Noordwest Friesland moat de kommende tsien jier 26 miljoen euro oan it Ryk betelje yn it ramt fan de ferhierdersheffing(1). Neffens de berjochtjouwing hienen sy mei dit jild 500 huzen duorsum meitsje kinnen en 120 âlde huzen ferfange kinnen. Mar dat giet no net troch</p> <p>Dizze ûntwikkelingen binne al skoft dwaande en roppe by ús in tal fragen op.</p> <p>1. https://www.omropfryslan.nl/nijs/908879-ferplichte-ofdracht-oan-it-ryk-tsjinfaller-foar-wonen-noordwest-friesland</p> |
| Fraach / fragen | <p>1. Wonen Noordwest Friesland is net de ienige wenningstifting yn Fryslân. Is der in oersjoch fan it totaal oan ferhierdersheffing dat út Fryslân nei Den Haach brocht wurdt? Sa ja, kinne jo ús dat takomme litte, Sa nee, wolle jo dat foar út útsykje?</p> <p>2. Is it kolleezje it mei ús iens dat dizze heffing trochberekkene wurdt oan de hierders en dat no't it duorsum meitsjen fan huzen net trochgean kin dizze hierders feitliken nochris in dikke rekken presintearre krije?</p> <p>3. Hoe sjocht it kolleezje tsjin dizze berjochten oan yn it ramt fan it duorsum meitsjen fan huzen foar de enerzjyopjefte foar de beboude omjouwing?</p> <p>4. A: Is it kolleezje ree om in brânbrief oer dizze saak nei Den Haach te stjoeren of yn oerlis te treden oer de ferhierdersheffing?</p> <p>B: As jo ús soargen diele, wolle jo dan tegearre mei it IPO en mooglik ek de VNG oparbeidzje om dit punt op de agenda te krijen?</p> |
| | |

Yntsjinner(s)

(fraksje / namme / hântekening)

| | |
|--|---------------------------|
| | Sijbe Knol FNP Fryslân |
|--|---------------------------|

| | |
|-------|------------|
| Datum | 27-09-2019 |
|-------|------------|